














IMF Resultaten 2025

It Iepen Mienskipfûns (IMF) is in leechdrompelige subsydzjeregeling foar inisjativen út de mienskip wei. Mei it Iepen Mienskipfûns stelt de Provincie Fryslân jild beskikber om projekten fan ynwenners fierder te helpen. Projekten dy't derfoar soargje dat jo noflik wenje kinne yn jo doarp of stêd.



Oansluting by it bestjoersakkoart 2023-2027 "Oparbeidzje foar Fryslân" foar it jier 2025:

TEMA BESTJOERSAKKOART	OANTAL HONOREARRE INISJATIVEN	TOTALE IMF BYDRAGE YN €
 MIENSKIP, LEEFBERENS EN MIENSKIPLIKE BELUTSENHEID De oanwêzigens fan frijwilligers en it yn stân hâlden fan foarsjennings is basis foar leefberens, ferbining en moetsjen en soarget foar tefredenheid en belutsen ynwenners.	168	2.195.045
 TAKOMSTBESTINDIGE LÂNBOU Elts boerebedriuw mei der wêze mei oandacht foar feilich iten en de ferbining tusken boeren en boargers yn goeie balâns mei de natuer.	10	210.396
 SÛNENS Ynwenners kinne op in sûne en lokkige wize in hege âldens berikke, der is oandacht foar (jongerein)sport en eveneminten.	30	551.299
 KLIMAAT EN ENERZJY Op in ferantwurde wize mear skjinne enerzjy út de eigen provinsje mei each foar it tefoaren kommen fan enerzjyarmoed.	23	384.675
 NATUER EN LÂNSKIP Behear fan besteande natuer mei oandacht foar de wetter- en boaiemkwaliteit mei romte foar de greidefûgels en it behâld fan ús karakteristike lânskip mei each foar ûntwikkelromte.	15	236.508
 TAAL EN KULTUER ² Taal en kultuer foarmje in essinsjeel ûnderdiel fan ús mienskip, de provinsje is de hoeder fan de Fryske taal en skiednis.	50	530.783
 MOBILITEIT Mobiliteit is fan grut belang foar de leefberens, dêrom meitsje wy ús sterk foar in bettere berikberens yn Fryslân en sille wy derfoar soargje dat wy de fytsprovinsje fan Nederlân binne.	5	117.818
 WENJEN ûntwikkeling fan nije wenningen passend by de aard, skaal en it karakter fan Fryslân dêr't sa lang mooglik selsstannich yn wenne wurde kin.	2	11.197
 EKONOMY EN WURKGELEGENHEID Mei ûndernimmers, ûnderwiis en oerheden sille wy de ekonomyske gearwurkingsagenda Blue Delta útfiere, sirkulêre ekonomy kriget in prominente rol en wy bliuwe ynvestearjen yn Gastfrij Fryslân.	15	136.462

OPMERKINGS

- It totale oantal honorearre inisjativen komt yn dit oersjoch heger út as it totaal oan yn 2025 honorearre IMF oanfragen. Dat komt omdat ferskate projekten in bydrage oan meardere tema's leverje. Sa fersterket in itenstún bygelyks net allinnich de sosjale koheezje, mar leveret dy ek in positive bydrage oan it bioferskaat (natuer en lânskip). Dat wurket ek fierder yn de neamde bedraggen.
- De hjir neamde resultaten gean inkeld oer it tema kultuer. IMF projekten komme nammentlik inkeld foar in bydrage yn oanmerking as der op syn minst foar in part sprake is fan it sichtber brûken fan de Fryske taal of streektaal. Dêrom jouwe alle honorearre projekten omtinken oan it tema taal (dat betingst jildt fierder net foar de regio fan de Waadeilannen).

Notes
